

Local heroes

'Toen zonden de goden helden naar de aarde, van wie de meesten halfgoden waren. Een halfgod was de zoon van een god en een gewone sterveling. Sommige zouden in heel Griekenland bekend worden en andere waren voorbestemd om **plaatselijke helden** te worden. De helden stonden onder bescherming van de goden, waren knappe verschijningen en begiftigd met vele goede eigenschappen: kracht, mannelijkheid, slimheid, grootheid van geest en vindingrijkheid.'



B&G techniek oan it wurk, desimber 2007

(http://www.xs4all.nl/~mymisc/griekse_mythologie/de_helden/de_helden.htm)

It wie skimerich yn it bûthús, dêr't ik prate mei de man fan it technysk bedriuw dat de flierferwaarming yn 'e ferboude skuorre oanlizze soe. Syn maat soe daalk ek komme. Mei gie de bûthúsdoar al iepen en yn it tsjinljocht seach ik in stal dat wat bekends hie. Doe't er tichterby kaam, wie ik der wis fan. 'Blinder, in grut keatser,' sei ik fergulde. 'Auke,' stelde er him foar.

De flierferwaarming is der kundich ynlein (sjoch foto) en funksjonearret prima. En Auke wûn de PC ek nochris. In soartgelikens gefal bij de Welkoop yn St. Anne, silst even de plantsipels en de Frieslander-setters ôfrefkenje, tinkst ynienen: ferrek, Jacob.

Earder krige ik in nije kollega. Anne Rinkema, alle kearen dat ik 'm tsjinkaam op 'e gong of yn 'e kantine moest ik tinke oan dat momint op 5-5, 6-6 yn Stiens, de earste kear dat ik bij it earsteklas keatsen kaam. Anne moest opslaan, der lei in grouwe keats. Hij nimt in oanrin en... 'Overlope', rôp de man op 'e foarline. Anne wie op dat momint mear in anti-held.

Sake Poarte syn âlden wenje even fierderop en Piet-Jetze sjoch ik wolris draven. Marten van der Leest wie winkelman yn Stiens en biljerte mei ús heit.

Nije helden binne Martijn út Hijum, syn heit treende ús doe't wy pupillen wienen bij it kuorbaljen, tante-sezers reizgje as in soarte fan groupies achter him oan. Olijnsma sprutsen en sprekke wij oars altyd út mei de 'ij' as de 'i' yn Wyns, lang en nasalearre dus, soe moai wêze as se dat by de Omrop ek nochris dwaan soene. En Gert-Anne van der Bos út Holwert, syn pake en beppe buorken op in spultsje yn Feinsum...

Wat ik mar seze wol: keatshelden binne held genôch om respekt ôf te twingen – we witte hoefolle se derfoar dogge en we witte hoefolle jonkjes derfan dreame om haadklasser te wurden, de PC in kear te winnen en we witte hoe'n pear it mar slagget – en tagelyk steane se tichtbij genôch om minske te bliuwen. Se wurde net foar miljoenen ferkocht, se ride net yn grutte sliden, se wenje net yn kastielen. Ik soe it se bêst gunne, hear, mar de status fan local hero liket my eins wol sa sûn ta as dy fan superheld bij bygelyks it fuotbaljen.

Janneke Spoelstra



Auke van der Graaf op syn lêste PC (2008) Foto: Gert Gort